

Slangen ûnder it bêd

## **Kolofon**

ISBN: 978 90 8954 962 4

1e druk: 2017

© 2017 Hilda Talsma

Utjouwerij Elikser

Ossekop 4

8911 LE Ljouwert

Til: 058 - 289 48 57

[www.elikser.nl](http://www.elikser.nl)

Foarmjouwing binnenwurk en omslach: Evelien Veenstra

Foto skûtsje foarkant: Tom Cochoorn

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde, opslein yn automatisearre gegevensbestannen en/of iepenbier makke troch middel fan print, fotokopy, mikrofilm of op hokfoar oare wize ek, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan de einredakteur en de útjouster.

This book may not be reproduced by print, photoprint, microfilm or any other means, without written permission from the author and the publisher.

# Slangen ûnder it bêd

Hilda Talsma





## Foarwurd

Ferline jier krige ik in tillefoantsje fan Henk de Vries. Hy wist dat ik boeken skreau oer it skûtsjesilen en hy rûn al skoften om mei in idee oer in jeugdboek dat ek mei in skûtsje én Suriname te krijen hie.

Ik wie fuortendalik entûsjast en myn man, Jelle, seach it wol sitten om dan ek mar op reis te gean nei Suriname. Dat like my ynearsten neat ta, mar ik bin bliid dat we it al dien ha! Wat in prachtich lân en we hawwe dêr sokke leuke minsken troffen! Bas Spek en Marsha Mormon, bygelyks, fan plantaazje Bakkie. Se hawwe ús hertlik ûntfongen en it lân hat in djippe yndruk op my makke.

Lokkich wie myn útjouster Jitske Kingma krekt sa entûsjast en it resultaat hawwe jim yn hannen. Ik winskje jimme in soad lêswille ta.

*Hilda*



# 1

‘Net ferjitte dat we takom wike op ekskurzje geane nei Amsterdam, jonges en famkes!’ Mefrou De Boer laket har skeane tosken bleat. De hiele klasse is útlitten oer it reiske.

‘Hawwe wy ek in ekskurzje nei de bananebar?’ ropt Rienk en alle klasgenoaten bulderje it út, útsein Marte. Minachtsjend sjocht se him oan. Hy laket har fleurich ta en se draait har gau wer om.

‘No Rienk, wat tinkst sels?’ freget mefrou De Boer.

‘Ik tink it al. Dat heart no ien kear by de algemiene ûntwikkeling, soks meie je eins net misse.’

Guon bern fluitsje, oaren slaan op ’e tafel of stampe op ’e flier. Mefrou De Boer lit har net fan ’e wize bringe en giet der fierder net op yn.

‘Gjin húswurk dus foar takom wike en soargje dat jimme alles meinimme wat op ’e list stiet dy’t jimme krigen ha oer de mail!’

Marte bûcht fansiden om har tas te krijen, want se hat har nocht. It is freedtemiddei, se wol nei hûs en hat gjin ferlet mear fan dizze gaos en fan dy lawaaiskoppers dêr’t Rienk meastal de oanfierder fan is.

Se is altyd skjîn oanein as it freed is en it liket wol oft se de iennige is dy’t dêr lêst fan hat.

Har klasgenoaten binne optein as it freed is, want dan kinne se op stap yn it wykein en in hiele soad sille anst de stêd noch yn om nei de kroech te gean. Se hat ien kear mei west, mar se fûn der neat oan. Fierstefolle minsken yn in te lyts kafee dêr’t de muzyk sa lûd stie dat je raze moasten om elkoar ferstean te kinnen en doe’t se in appelsap bestelde, laken se har allegear út. Se gappet en set de tas op ’e tafel del. Mefrou De Boer winsket harren allegear in noflik wykein ta

en Marte slofket as lêste de klas út, dan is it teminsten wer wat rêstiger op 'e gong mar mefrou krijt har by de earm beet.

'Marte, wat skeelt deroan? Ik fyn dy altyd sa stil op freedtemiddei en bist ek wer sa wyt om 'e noas... fielsty wol goed?'

'Eh, jawol.' Marte set in stapke tebek, want mefrou rûkt net sa fris út 'e mûle. In soad leararen hawwe dat probleem mar nimmen doart it te sizzen ... sy ek net.

'It liket wol datsto der gjin nocht oan hast om nei Amsterdam te gean wylst de oaren sa entûsjast binne.'

'Ik ha der wol nocht oan, mar wat oaren leuk fine dêr fyn ik meastal neat oan.'

'Hoe bedoelst, Marte?'

Se baalt as in stekker en fearret wer in ein nei achteren omdat mefrou tichter by har komt. 'No... gewoan. Ik hâld der net fan om op stap te gean of yn in drokke kroech te sitten en Amsterdam liket my ek in drokke stêd ta.'

Mefrou laket har leaf ta. 'De measte pubers fan 16 jier hawwe de ridels yn 'e kont en witte net wêr't se it earste as lêste hinne gean moatte. Do bist yndied oars. Rêstich en serieuus mar dat hindert neat, hear. Bist in hiel yntelligint famke dat har wol rêdt mar ik mis wolris in soarte fan libbensfreugde by dy. Hoe giet it thús? En mei dyn bruorke?'

Marte suchtet yrritearre. 'Ik ha gjin probleem, thús giet it goed en mei Albert giet it ek bêst. En ik moat no fuort oars mis ik de bus.'

Dat lêste liicht se, want se is op 'e fyts mar se wol hjir gjin tel langer bliuwe en naait gau út.

'Hé Marte!'

Se soe krekt de fyts fan 't slot dwaan. Rienk rint mei syn fyts oan 'e hân nei har ta.



‘Giest mei de stêd yn?’

Se skodhollet.

‘Wêrom wolst noait ris mei? Yn ’e fakânsje bist hiel oars as op skoalle.’

‘Dat komt omdat ik it op it wetter ek folle leuker fyn! Lekker bûten wêze, farre, swimme... dat is hiel oars as yn sa’n kroech sitte dom te dwaan.’

‘Hast wol noch oan dy eksurzje, dan?’

‘Nee. Mar miskien is it wol leuk, ik ha noch net earder yn Amsterdam west. Do wol?’

‘Ja, mei it skûtsje ommers. Nei Sail Amsterdam. Dat wie fet! Amsterdam is machtich! Hiest doe wol meikinnen.’

‘Heit koe net omdat er wurkje moast en ik mocht net allinnich mei fan mem. Dat witst ek wol.’

‘Spitich want it wie echt super! Al dy skippen, wat in pracht! It wie der wol hiel drok, mar ast op it skûtsje sietst, koest moai yn alle rêst al dy minsken besjen. Dat hiesto grif wol moai fûn. Silst fierder ek noch wat dwaan fan ’t wykein? Moarn komt Mental Theo yn De Twa Gemeenten, kinst wol mei.’

‘Nee! Ik wol net mei nei Mental Theo en ik gean no nei hûs!’  
Se triuwt him oan ’e kant en fytst gau fuort. Se moat earst in eintsje troch de stêd fytse, mar as se dan einlings bûten de stêd komt kin se foar har gefoel wer sykhelje. Se is altyd bliid as se de hoarizon wer sjen kin. De romte fan it lânskip jout har wer romte yn ’e holle en as se dan einlings thúskomt is alle rûs ferdwûn en fielt se har wer rêstich en tefreden.

## 2

Marte slacht de earms om Bobbie hinne en krûpt him oan.

‘Hoi Booboo, oant oer in pear dagen!’

Bobbie slikket har om ’e holle en wispelet mei syn sturt.

‘Meitsje dy hûn no net gek,’ seit har mem, mar se laket al as

Bobbie foar harren út rint nei bûten.

‘Hast alles mei wat op it briefke stie?’

‘Ja, mem!’

‘Moai! Hast der wol nocht oan?’

‘Nee!’

‘Wêrom net? Amsterdam is bêst in moaie stêd.’ Mem set de swiere wykeintas yn ’e kofferbak en se weauwe nei Albert dy’t mei beppe foar it rût stiet.

Marte giet foaryn sitten en slacht sjegrinich de doar ticht. Se moat Bobbie in pear dagen misse, se wol net nei Amsterdam en moat altyd en ivich rekken hâlde mei Albert! Alle bern dy’t se ken hawwe bruorkes en suskes yn deselde âldens, wylst der tusken har en Albert trettjin jier ferskil sit. Hy wie net pland, hiene heit en mem sein, mar sûnt er der is draait alles om him. Hy moat op ’e tiid op bêd, se moat faak op him passe en se kin thús noait spontaan in sliepfeestje of sa organisearje, omdat Albert dan wakker wurdt.

Ynienen ljochtsje har eagen op. As se yn Amsterdam is, hat se in pear dagen gjin Albert om ’e teannen, dat is grif hiel fijn!

‘Gas, mem! Oars komme we te let.’

Se moatte ûnderweis Rienk noch al efkes oanhelje. Hy giet achtern sitten en hat mar ien rêchsek mei.

‘Hast neat ferjitten?’ freget Marte.

Rienk skoddet de rêchsek hinne en wer. ‘Neffens my net, hoesa?’

‘Lit mar.’ Marte draait har om en se baalt omdat se dochts wer tefolle guod meinommen hat. Aanst is sy de iennige mei sa’n grutte tas.

Rienk en har mem prate hûndert-út oer Amsterdam. Marte seit de hiele reis nei skoalle neat en dikeret mar wat troch it rúť nei it lânskip dat har sa leaf is en dat se aanst in pear dagen misse moat. Se hâldt fan it flakke griene lân, de rêst en de stilte, mar hokker famke fan sechstjin is dêr no mei dwaande? Se hat altyd it gefoel dat se de iennige is.

‘Marte, we binne der. Wekker wurde!’ Rienk slacht har mei de platte hân op ’e holle.

‘Au, juh! Ik sliep hielendal net!’ Se sleept har mei tsjinsin út ’e auto wei en mem jout har de wykeintas oer. De grutte bus is der al en op it plein steane allegear heiten, memmen, bern en tassen. Guon tassen binne gelokkich al grutter as dy fan har.

‘No, leave... in soad wille en gjin rare dingen dwaan yn Amsterdam. Silst goed op har passe, Rienk?’

‘Ik sil goed om har tinke en tank foar it bringen.’ Hy slacht Marte wer op ’e holle en naait gau út.

De sfear op it skoalplein is hiel oars as op in gewoane dei. De loft trillet suver fan de spanning en sensaasje. Eltsenien is útlitten en hat in soad leven en drokte. Marte is bliid as se einlings yn ’e bus kinne, sadat der wer wat struktuer yn komt foar har gefoel.

Se siket in plakje út yn it midden, neist Angela. Dat is in aardich famke dêr’t se altyd goed mei opsjitte kin. Angela krijt fuortendaliks in pûde mei dropkes út har tas en freget oft se ek ien ha wol. It binne krytstaafkes, dy binne wol hiel lekker en se krijt twa út ’e pûde.

‘Ik heb er zo’n zin in! Jij ook?’ laket Angela strieljend. ‘Ik hoop dat ik Dave tegenkom! Dat zou pas echt te gek zijn!’

Maar nu is het de hoogste tijd voor een selfie op insta en snap chat. Say cheese, Marte!’

Dat giet fansels wer om dy glêdjanus fan in Roelvink, mar dêr soe se sels mei in flinke bôge omhinne rinne. Sokke types hat se neat mei.

Angela hâldt de tillefoan omheech en stompt Marte oan. Se forsearret in laits en as de foto makke is, draait se har om, om te sjen wa’t achter har sitte. Rienk is de earste dy’t se sjocht. Hy sit hielendal achtern en hat de grutste wille mei Ronald en Feiko. Se kin Rienk al salang omdat harren heiten op itselde skûtsje sile. Hy is in ûnderdiel fan har libben en in hiele goede freon, al is er betiden ek hiel yrritant. Mar se merkt dat se sa no en dan de kribels fan him krijt as se nei him sjocht en dat is nij want dat wie noait sa. It is ek de earste kear dat se dat op dy manier by in jonge hat. Mar hy taalt fierder net nei har en dat makket har ûnseker en ûnrêstich. It hellet har út ’e komfortsône, krekt as dizze stomme eksurzje en dêr hat se mar in hekel oan. Mei maatskippijlear hawwe se it oer de komfortsône hân en it die bliken dat in hiele soad fan har klasgenoaten it hearlik fine om ris út ’e bân te springen en gekke dingen te dwaan. En as dat gewoanwei net slagget, hie Feiko sein, dat moatte je je lam sûpe en dan giet it fansels. Dan dogge je dingen dy’t je oars noait dwaan soene en doe lei de hiele klasse wer dûbel.

Mei de blik op ûneinich stoarret se wat foar har út troch it achterrút fan de bus, oant immen mei de tûme en wiisfinger lûd foar har noas knipt.

‘Wa’t stoarret is fereale en sa te sjen bisto dan fereale op Rienk!’ ropt Ronald lûd, sadat de hiele bus it hearre kin. Hy draaft werom nei syn plak en ploft wer tusken Rienk en Feiko yn. Se is daliks by har positiven en fielt dat se in kleur krijt. Rienk laket nei har sa’t er altyd docht. Gewoan

sa't er ek nei alle oaren laket, dus neat bysûnders. Syn eagen skitterje noait as er har sjocht en neffens har heart dat al sa te wêzen as je fereale binne. Se stekt de middelfinger op nei Ronald en draait har sjegrinich om. Angela hâldt de pûde mei krytstaafkes wer omheech. 'Hier, neem nog maar een paar dropjes en trek je niets aan van die stomme Ronald. Wat een belachelijk idee om verliefd te zijn op zo'n domme boer als Rienk. Dan kun je toch echt wel iets beters krijgen, Marte. Als we straks in Amsterdam zijn, dan kom je pas leuke jongens tegen, let maar op!' Marte laket mar wat en krijt in hânfol dropkes út 'e pûde.

### 3

‘Marte... wekker wurde. We binne der.’

Se hoecht net te rieden wa’t boppe har hinget. De rook fan in deade ko dy’t krekt kofjedronken hat, makket dat har mage omdraait. Ien foar ien docht se de eagen iepen en gelokkich rint mefrou fierder troch de bus.

‘Gelukkig, die is weer weg,’ laket Angela. ‘Ze is heel leuk maar het is jammer dat ze zo vreselijk uit haar bek stinkt.’

‘Sis dat wol.’ Marte rekt har út. Se hat it lêste ein sliept en no stiet de bus samar yn Amsterdam foar it plak dêr’t se ferbliuwe sille. It is krekt as hat se yn in tiidmasine sitten. Fan it moaie Fryske plattelân telâne kommen yn in grutte frjemde stêd, mar it falt har net ôf sa op it earste gesicht.

De bus stiet yn in smelle strjitte mei oan wjerskanten hege huzen. De shelter dêr’t sy sliepe, wie eartiids in skoalle en hielendal oan ’e ein fan de strjitte stiet in tsjerke mei in aparte toer. It liket wol sa’n toer dy’t Albert altyd bout en dêrnei omgoait. Op elkoar steapele blokken en in blauwe bol mei goud der boppe op.

Mefrou De Boer besiket alles yn goede banen te lieden as de doarren fan de bus mei in sissend gelûd iepen gean, mar nimmen nimt de muoite nei har te lústerjen. Eltsenien stoot oerémis de bus út en as de wyntwirre fan klasgenoaten foarby is, stapt Marte derút. As se in foet op ’e dyk set en de bûtenloft fielt dan fynt se dat de sfear yn de strjitte hiel gemoedlik oanfielt. Dat hie se net tocht. It is wol waarm no’t se út de bus mei airko wei is mar lokkich net té. Se stiet foar de bus en de strjitte rint rjocht foar har út mei oan de ein dy blokketoer. Guon huzen binne bêst wol modern mar der steane ek hiele âlde gebouwen tusken. Alles is wol heech en der is ek in moaie âlde gevel mei read-swarde lûkjies

neist de ruten. En wat ek hiel aardich is, is dat in soad huzen blommen en strûken foarhûs ha, wylst dêr amper romte foar is. Dochs groeit en bloeit der in hiele soad op in pear fjouwerkante meter.

‘Goed ûnthâlde jonges en famkes, dit is de Bloemstraat en de shelter hjit fan ‘Jordan Shelter.’ Stel dat jimme al ferdwale, dan kinst dizze strjitte op de GPS ynfiere!’ Mefrou besiket boppe alle drokte út te razen, mar nimmen docht wat mei dizze ynformaasje, útsein Marte. Se slacht de namme op yn har tillefoan en rint dan nei it plak dêr’t de koffers op ’e stoepe setten wurde.

‘En? Marte fan de griene greiden? Liket it dy hjir wat ta?’ Rienk leit los in earm om har skouder en set de wykeintas foar har del.

Se fynt it leaf dat er har tas krigen hat en it fielt fijn dat er sa tichtby har stiet, mar se wit sa gau net wat se sizze moat. ‘Eh...’ en fierder komt se net.

‘Tink der mar efkes oer nei,’ seit er en hy knypt har sacht yn it skouder. ‘Giest mei? Ik bin wol benijd hoe’t it der útsjocht en wêr’t we sliepe.’

‘Ja... sliepe.’ Se kin harsels wol foar de kop slaan omdat se neat sinnichs sizze kin. Wat moat er wol net fan har tinke?

‘No... do hast de sliep noch net út, seker?’ laket er. ‘Ast dyn bêd fûn hast, kinst wol wer fierder maffe. Komst? De oaren binne allegear al binnen.’

Se lit de eagen noch efkes oer de moaie blommen en de lange smelle strjitte gean en Rienk drukt har nei foarren oer de drompel fan de shelter. Se rinne de hal yn en de blau/giele kleuren meitsje in fleurige en frisse yndruk.

‘Liket it dy wat ta?’ freget er.

‘Ja, ik ha der no wol nocht oan. Ik fyn dit in moai plak.’

It personeel is hiel aardich en ferwolkommet harren freonlik.

De oare klasgenoaten fleane hjir en dêr troch it gebou en Marte heart immen roppen dat der ek in binnentún is.

‘Dat wol ik sjen,’ seit se en se set de tas op ’e grûn del. Rienk rint achter har oan en der is yndied in hiel leuk binnenplakje mei beammen en kleurige stuollen. It is der rêstich en de fûgels fluitsje krekt as thús.

‘Grappich, hin?’ seit Rienk. ‘Dat soene je hielendal net ferwachtsje fan sa’n stêd mar der binne hjir folle mear fan sokke plakken. Miskien geane we dêr wol hinne.’

‘Leuk... ik wol noch efkes fierder strune. Giest mei?’

‘Nee. Ik krij in appke fan Marco, se hawwe de sliepseal fûn en ek al in bêd foar my útsocht. Ik sil der efkes sjen. Moat ik dyn tas meinimme nei boppen?’

Se baalt fan syn antwurd, want it wie krekt sa leuk om tegearre te wêzen. ‘Nee, ik kin sels myn tas wol tille. Gean do mar gau nei boppen.’

‘Okee, oant dalik.’

Se sjocht him nei en fielt it kribeljen yn har búk. It wie noait sa’n grutte jonge mar hy is in ein omheech sketten en hast al in kop grutter as har. Hy wurdt ek breder en syn stim is ek net mear sa heech. Sy wie altyd folle foarliker as him mar dat is feroare... en har gefoel ek. No fielt se har lyts as er by har yn ’e buert is. Lyts en ferlegen, wylst se him al sa lang ken. Se fokust har mar wer op de ytseal. It is netsjes en gesellich mei al dy taffeltsjes en der is ek in loungehoek mei in swartlearen bank.

‘O... bist hjir! Ik wie dy al kwyd. De oaren binne allegear boppe.’ Mefrou de Boer laket leaf. ‘En? Liket it dy hjir wat ta, Marte?’

‘Ja. Ik fyn it hjir hartstikke leuk! Hokker grutte tsjerke stiet der eins oan de ein fan de strjitte?’

‘Dat is de Westerkerk. Wat aardich datst it fregest want it



is noch nimmen opfallen. Ik kin dy dêr in hiele soad oer fertelle.’ Mefrou rint entûsjast nei har ta en Marte soe der graach mear oer witte wolle, mar it idee dat mefrou by har yn ’e buert komt en prate sil, stiet har net oan.

‘Kin dat in oare kear? Ik wol graach efkes boppe sjen.’

‘Fansels. Wy hawwe alle tiid.’

‘Moai.’ Marte krijt har tas en botst hast by menear Van der Hoek op. Hy is ek mei as begelieder mar hat oant no ta noch net echt hiel aktyf west. Se hat him ek noch mar amper sjoen. Se ûntskuldiget har en rint by de trep op. Boppe de trep hinget in grut skilderij fan Jezus dy’t yn in boat mei minsken stiet en de boat hat in reade wimpel. It liket wol in skûtsjewimpel en se fynt it in moai skilderij. Se wit net in hiele soad fan Jezus, mar dit skilderij docht har tinken oan de simmerfakânsje en it skûtsjesilen en dat is dochs echt de moaiste tiid fan it jier. Se hat it gefoel dat it bêst wolris tafalle kin yn Amsterdam. De earste yndruk is goed en dêr’t se no is, fielt se har hielendal op har gemak. Sûnt se it skilderij mei de boat sjoen hat, tinkt se ek wer oan Rienk. Se wurdt suver senuweftich fan it idee dat er dizze dagen wer de hiele dei by har is, krekt as yn ’e fakânsje. Doe seach se foar it earst mei oare eagen nei him mar dêr hat se fierder neat mei dien. Wa wit krijt se hjir dy kâns wol.

De jonges en famkes sliepe apart fan elkoar op ljochte sliepsealen mei steapelbêden en as eltsenien syn plakje fûn hat, ropt menear Van der Hoek harren by elkoar. Marte baalt, se lei krekt sa noflik op it bêd te appen mei har bêste freondinne dy't seit dat se strontjaloers is en dat sy ek wol graach nei Amsterdam ta woe.

'Kom, Marte!' Marja krijt har by de earm en lûkt har fan 't bêd. Se rôlet oer de flier en Marja laket lûd. 'We geane de stêd yn! Kinst thús ek wol op bêd lizze.'

'Ja ja, ik kom al!' Se klaut oerein en stjoert in lêste app. 'Wêr sille we eins hinne?'

Marja lûkt oan it skouder. 'Lâns dy grutte tsjerke, dêr wol mefrou wat oer sizze en dan nei de Dam en sa. Mar ik ha hjir ek noch noait west, dus ik wit it fierder ek net. Neffens my is Rienk de iennichste út de klas dy't hjir al ris west hat. Wy binne ek echt fan dy boeren út Fryslân dy't noait earne komme. Ik yn alle gefallen net mei ús heit en mem, want dy hawwe it altyd te drok mei de pleats en de camping!'

Marja krijt Marte wer by de hân en fleurich huppelje se tegearre by de trep del nei ûnderen dêr't de oaren wachtsje op Van der Hoek.

'Wêr is dy man no wer?' Mefrou De Boer rint yn en út de shelter mar se kin him net fine.

'Hy sil wol sitte te skiten!' ropt Doede lûd en eltsenien leit dûbel, sels Marte.

'Doede, sa kin it wol wer!' ropt mefrou boas.

'Wedzje?' Doede hâldt syn hân op 'e kop foar mefrou de Boer mar se slacht der net op.

'Om fiif euro!' Rienk kletst de flakke hân op dy fan Doede.

'Ik tink dat er yn 'e sliep fallen is.'

‘Deal!’ ropt Doede en de beide jonges drave nei boppen dêr’t de húskes binne. Mefrou De Boer kin roppe wat se wol, de jonges lústerje net. Nei in pear tellen komme se laitsjend wer op ’e dyk en Rienk jout fiif euro oan Doede.

‘Hy spilde krekt de wc troch en stjonke, heite! It is mar goed dat er soks docht as der nimmen is, want de hiele ferdjipping stjonkt no.’ Doede triuwt tefreden it briefke fan fiif yn ’e búse en Van der Hoek komt mei in reade kleur op ’e dyk. Mefrou sjocht him mâl oan.

‘Wat?’ freget Van der Hoek ûnnoazel.

‘Neat! We gean!’ Mefrou rint foarop en as nuete pykjes rinne de bern achter har oan. Van der Hoek slút de rige ôf. Ynienen draait se har wer om. ‘Witte jimme wol dat we hjir yn ’e Jordaan binne, jonges en famkes?’ balt se troch de lange smelle strjitte en in âld froutsje mei krolspjelden stekt de holle bûten it rût. Mefrou De Boer weaut freonlik en it froutsje laket leaf.

‘Mooie gezonde kinderen heb je bij je... Friesland zeker?’ ropt se yn in plat Amsterdams wylst se oer it finsterbank hinget.

‘Ja, dat klopt!’ ropt mefrou omheech.

‘Denk goed om jullie veiligheid, jongelui. Amsterdam is heel mooi maar kan ook behoorlijk link zijn. Oren en ogen open!’ Se docht de hân noch efkes omheech en ferdwynt dan wer achter de fitraazjes.

‘Se hat oan ’e iene kant wol gelyk, fansels,’ seit mefrou. ‘As we aanst op drokkere plakken komme dan moatte jimme goed om jim spullen tinke. Tillefoans en beurzen net yn ’e kontbúse en gjin drinken fan in oar oannimme en sa. De measte minsken binne wol te fertrouwen mar it binne no krekt de inkelingen dy’t de boel sa ferpeste kinne foar in oar en jou sokken gjin kâns. Mar dêr hawwe wy it op skoalle ek

al oer hân. Hat eltsenien syn kaartsje mei ynformaasje yn 'e bûse?'

'Jaha,' mompelje de bern yn koar, mar Marte wit seker dat it net sa is want sy hat it kaartsje dêr't har gegevens en wêr't se sliepe op steane, net iens by har. Dat sit noch yn har koffer en se fynt it eins ek te bernich om it mei te nimmen. It jout har it gefoel dat se noch op de basisskoalle sit.

'Net sa omdangelje, Marte!' Rienk triuwt har foarút. 'We kinne net altyd op dy wachtsje.' Hy leit sacht twingend syn hân by har op 'e rêch. Wat soe it no fijn wêze as er de earm om har mul lei en se lekker tsjin him oan hingje koe. Of hân yn hân troch Amsterdam rinne... krekt as hiene se ferkearing en dan stikem tútsje yn in steechje of sa. Mar hy jout har noch in boartlik tikje op 'e kont en dan giet er wer nei syn maten. Teloarsteld slút se har oan by it groepke dêr't Angela ek by sit.

Se slinterje lâns de grêften dy't fol lizze mei boaten. Lytse boatsjes om gewoan mei te farren, wenboaten en sa no en dan ek hiele suterige boaten dy't hast sinke. Hjir en dêr leit in wetterfyts en se komme in soad rûnfearboaten tsjin. Se heart Rienk wol opskeppen by syn maten oer fletten, aken en tsjalken, wylst de oaren werklik gjin idee hawwe.

De famkes hawwe mear each foar de leuke winkels dy't se foarby rinne en Marte is fernuvere oer hoe grien it eins yn 'e stêd is. Lâns de grêften steane allegear moaie grutte beammen en op it plak dêr't se no binne is it eins ek hiel rêstich. De huzen binne hjir ek smel en heech en guon hawwe tuorkes of in kelder. Se sjocht har de eagen út en fielt har suver hast in wrâldreizger, wylst se mar oardeloere fan hûs is. It is hjir sa oars as yn it doarp dêr't se wennet mar de sfear sprekt har wol hiel bot oan. Amsterdam is in grutte stêd en dochs liket it allegear hiel gemoedlik te wêzen. De